

## PARSEBERJOCHT

28 jannewaris 2021

### Oade oan Leonard Cohen fan it NNO live by Omrop Fryslân

It Noord Nederlands Orkest bringt op 4 febrewaris in symfoanyske oade oan singer-songwriter Leonard Cohen. It konsert is fan 16.00 oere ôf live te folgjen by Omrop Fryslân fia [Omropfryslan.nl](https://www.omropfryslan.nl) en de Omrop-app. Op freed 5 febrewaris is it ek op telefyzje te sjen om 20.30 oere. It NNO-konsert 'A symphonic tribute to Leonard Cohen' wurdt laat troch dirigint en arranzjeur Dirk Brossé, mei Vera Mann en René van Kooten as sjongers.

Leonard Cohen wurdt sjoen as ien fan de wichtichste singer-songwriters út de popmuzyk. Syn earste hits datearje út de jierren sechstich en syn lêste album produsearre hy op 82-jierrige leeftiid, flak foar syn ferstjerren yn 2016. Yn al dy jierren is hy by in grut publyk bekend en yn trek bleaun; noch yn 2013 trede er op foar in útferkocht Ahoy en Ziggo Dome. Syn hannelsmerk wie de donkere, rauwe stim dêr't er syn poëtyske teksten oer hoop, leafde, it libben en de dea ekstra djipgong mei joech.

#### A symphonic tribute to Leonard Cohen

Yn dit konsert mei hits as, *Hallelujah*, *Suzanne*, *So long Marianne*, *First we take Manhattan* en *Take this waltz*, is te hearren dat Cohens krêftige melodyen ek yn in orkestrale jas ta har rjocht komme. Sjoch foar mear ynformaasje oer it konsert op: [nno.nu/concert/symphonic-tribute-to-leonard-cohen](https://www.nno.nu/concert/symphonic-tribute-to-leonard-cohen).

#### NNO-konsert livestream en op telefyzje

It konsert op tongersdei 4 febrewaris wurdt yn ferbân mei de jûnsklok middeis spile en is fan 16.00 oere ôf live te folgjen op [Omropfryslan.nl](https://www.omropfryslan.nl) en de Omrop-app. De registraasje fan it konsert is op freed 5 febrewaris om 20.30 oere op telefyzje te sjen en op peaskemoandei nochris.

---

#### Noat foar de redaksje

Boarnefermelding ôfbylding: NNO

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Publyk fan Omrop Fryslân: 06 - 14 23 98 34.

## PERSBERICHT

28 januari 2021

### Ode aan Leonard Cohen van het NNO live bij Omrop Fryslân

Het Noord Nederlands Orkest brengt op 4 februari een symfonische ode aan singer-songwriter Leonard Cohen. Het concert is vanaf 16.00 uur live te volgen bij Omrop Fryslân via [Omropfryslan.nl](https://www.omropfryslan.nl) en de Omrop-app. Op vrijdag 5 februari is het ook op televisie te zien om 20.30 uur. Het NNO-concert 'A symphonic tribute to Leonard Cohen' wordt geleid door dirigent en arrangeur Dirk Brossé, met zang van Vera Mann en René van Kooten.

Leonard Cohen wordt gezien als een van de belangrijkste singer-songwriters uit de popmuziek. Zijn eerste hits dateren uit de jaren zestig en zijn laatste album produceerde hij op 82-jarige leeftijd, vlak voor zijn overlijden in 2016. In al die jaren is hij bij een groot publiek bekend en geliefd gebleven; nog in 2013 trad hij op voor een uitverkocht Ahoy en Ziggo Dome. Zijn handelsmerk was de donkere, rauwe stem waarmee hij zijn poëtische teksten over hoop, liefde, leven en dood extra diepgang gaf.

#### A symphonic tribute to Leonard Cohen

In dit concert, met hits als *Hallelujah*, *Suzanne*, *So long Marianne*, *First we take Manhattan* en *Take this waltz*, is te horen dat Cohens krachtige melodieën ook in orkestraal gewaad tot hun recht komen. Kijk voor meer informatie over het concert op: [nno.nu/concert/symphonic-tribute-to-leonard-cohen](https://nno.nu/concert/symphonic-tribute-to-leonard-cohen).

#### NNO-concert livestream en op televisie

Het concert op donderdag 4 februari wordt in verband met de avondklok 's middags gespeeld en is vanaf 16.00 uur live te volgen op [Omropfryslan.nl](https://www.omropfryslan.nl) en de Omrop-app. De registratie van het concert is op vrijdag 5 februari om 20.30 uur te zien op televisie en op paasmaandag nogmaals.

---

#### Noot voor de redactie

Bronvermelding afbeelding: NNO

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Publiek van Omrop Fryslân: 06 - 14 23 98 34.